

Leave minsken, broers en susters yn Kristus,

Der kaam in melaatske by Him.

It stiet dêr as oft it de gewoanste saak fan 'e wrâld is.
Mar niks is gewoan yn de Bibel.

As dingen gewoan wurde, dan stiet dat yn de Bibel gelyk mei 'siik wurde'. Hiel apart. De Bibel wit as dingen gewoan wurde, dat dit samar omslaan kin yn ûnferskillichheid. De Bibel wit, it libben is bysûnder, it libben is in wûnder, in geskink, en it libben is om te fieren en om de leafde te learen, dei yn dei út. Dat kinnenwy allinnich besykje, mar we hawwe ek oaren derby nedich. Dêr is in mienskip foar nedich, in iepen mienskip, dy't in boek as de Bibel iepen slacht en lêst.

Iepen mienskip, in mienskip as dy fan ús wurdt iepene troch it Wurd.

Jezus is dat Wurd, belichemt dy iepenheid. Hear mar.

Der kaam in melaatske by Him. Alles wat mocht en koe – gewoan wie - net dat in melaatsken samar by Jezus kaam. Melaatske minsken wiene tige besmetlik. Hja winee ûnrein. Hja wien ferstjitten. Libben yn in getto. Dat wie en is it byld fan in melaatske. En dat besmette

minske komt samar by Jezus. En Jezus stiet der iepen foar, sa't moeder Theresa dat stie.

In melaatske wol sizze: immen mei 'huidvraat' stiet yn it NBV. Naar wurd fyn ik dat. It set ús boppedat hielendal op it ferkearde spoar. Likegoed docht de Fryske oersetting dat, as sy it hat oer 'in lepralijer'. Ek sa'n naar wurd. Fan in lepralijer hawwe wy in byld. Ik soe jimme een plaatsje sjen litte kinne, mar dat fûn ik op dizze sneintemoarn noch naarder dan it wurd, want it is in ferskriklike kwaal.

Wat is dan it Bibelske karakter fan dizze sykte?

Gemeente, ik ûntduts wat wûnderliks. Wat dat wie?

Wol, dat Bibelske lepra, dat dat einliks hiel wat oars is.

Der stiet yn it wurdboek by Lepra: "Aandoening van Egyptische ziekte." Al is Israël net mear yn Egypte, se kinne der noch wol siik fan wurde, besmet troch reitsje. Oandien. It is ommers tige besmetlik.

Mar wat hat dizze sykte mei Egypte te krijen?

Gemeente, ik bin op ûndersyk út gien en de sprekwaardlike *mûle foel my iepen*.

Harkje. It sit sa. Wolle wy witte wat in melaatsken-ien yn 'e Bibel betsjut, dan moatte wy nei de wurden werom gean. We moatte de bylden loslitte. Dat kinne wy hast net oprêde, mar dat moat dochs besocht wurde. Fan

God meie wy gjin byld meitsje en fan minsken ek net, en fan Bibelske syktes ek net. Want it giet hjir om oare syktes as dy't dêr't wy foar nei de dokter geane. It giet om syktes dy't we krije as wy fan God los libje, en der op los libjen gean.

Wat is de melaatske minsk yn it wurd fan God? Wy geane nei it hert fan it wurd foar melaats en dat bestjut 'lijen', 'pine', 'druk' en sokssawat. Einliks hat it te krijen mei depresje. Der sit ek de betsjutting fan 'druk' en 'bedrukt wêze' yn.

En de Bibel giet sa fier dat se sizze, dat minsken troch dy druk en dat bedrukte kwea oandien wurde en kwea dwaan kinne. Nim bygelyks asto bedrukt bist, dan kinsto dat samar op in oar, dyn man of frou of kollega, ôfreagearje! In melaatske minsk wurd nei ûnderen drukt, los fan God is hy of sy. Swier op 'e hân wêze, dat binne hja. Yn foarbyld fan immen dy't swier op 'e hân waard, dat wie Saul. Wylst de geast fan de Hear feardich oer David waard, wie dy by Saul weigien en waard hy swier op 'e hân, sis mar deprey. As je depressyf binne, dan is God faaks fier fuort. De libbensboarne is ferstoppe en stiet drûch.

Einliks stiet melaatsk wêze foar alle sykte dy't in minske swier makket, dreech is te dragen.

Sûnens yn 'e Bibel is mear as net-siikwêzen. It is libje út de boarne of welle dy't streamt fan libben, sin en nocht.

Dizze wike kaam in boekje út fan Antoine Bodar. Dêryn fertelt hy dat hy in lepralijer wie. Yn de Bibelske sin fan it wurd. Dizze man like it altyd tige mei himsels troffen te hawwe. Tige redenryk, erudyt, helder en mediasjenyk. Dizze man rekke melaats, yn 'e siel. Hy komt yn Egypte. Yn de namme foar Egypte sit itselde wurd as in it hert fan melaatsk wêse. Bedrukt, eangstich, depressyf. Hy fertelt dat hy besocht hat in ein oan syn libben te meitsjen.

Werom nei de melaatsken-ien dyt by Jezus komt. Hy giet op 'e knibbels. Hy bidt! Hy ropt: *help my, as jo wolle, kinne Jo my better meitsje*. O wat rekket dit Jezus. En dan, lykas by de koartslijende skoanmem fan Simon, stekt Jezus de hân út, rekket him oan en seit: *Ik wol it, wurd better*.

Ik ha Jan Zijlstra de gebedgenezer in kear sjoen, dy sei doe: Yn 'e namme fan Jezus wurdt better. Sa wurke it net. It ferskil? Jan is gjin Jezus. Mar it sit djipper fansels. Yn Jezus wurdt de melaatske- oanrekke yn 'e boarne. Jezus is sels de libbensboarne. Ast fan my libbenswetter te drinke krije soest, dan giet dyn toarst oer.

Op slach gong de lepra fan him ôf en hy wie wer better.

Op slach. Froeger hine jo it programma, Barbapapa. Dêryn sei Barbapapa elke útstjoering wolris: 'Hup, hup,

Barbatruc'. Op slach kin in minsk dea gean. Op slach kin in minsk better wurde. Hoe kinne wy dit ferstean?

It giet hjir om in oar gebiet fan ús sûnens en siikwêzen as dat fan by de dokter...

Lit my persoanlik wurde. As ik somtiids tsjin in fergadering, in preek of in moeting opsjoch, dan helpt it my dat ik bid, in Psalm lê. It measte helpt my dat ik mysels foarhâld: *ha de minsken leaf*. Dat is it, minsken. Ha de minsken leaf, mekoar, freonen en fijânnen, dysels.

Ha de minsken leaf...

Jezus stjoert de better wurden minske nei de pryster. De pryster docht sels niks. Hy bringt allinnich in offer.

Bringt in offer fan 'e suvering – dat wol sizze: kom tichter by God, do en wol no.

Dat kin. Do bist ommers al skjin, better.

De welle fan it libben streamt wer yn dy.

De druk, de swierte en it swarte binne oergien yn ljocht en do bist licht fan gewicht, want God is fan gewicht.

Op slach bisto better– Gods Wurd – Jezus - kin toverje.

Ssst, praat der mei gjinien oer...

Mar de welle yn de man streamt oer,
En hy tetteret it rûnom.

En hy die oeral syn ferhaal...

Jezus bliuwt op iensume plakken...

Mar wa komme op Him ta ...

En ek my ús hat hy tige te dwaan, jout ús syn hân en
seit:

Ik wol, wurd better.

En op slach binne wy better.

Amen